



# Poep!

Thús oan 'e slach mei it tema: fiis.


Filmke: **Poepliet**



## Sjen en sjonge

Jakkes! Dit is in hiel fiis filmke...

Besjoch it filmke



## Lêstip - *It Grutte Poepkonkoers*

Kening Keutel is in bytsje hingjen bleaun yn syn pis-en-poepperioade. Elk jier ropt hy de minister fan Binnenlânske Poepoangelegenheden by him om it Grutte Poepkonkoers te organisearjen. Fan it balkon fan syn kastiel ôf sjocht Kening Keutel dan in rige prachtige kakkeunstwurkjes foarbykommen.



## Prate

Praat mei de bern oer it filmke en it boek:

- > Wat bart der yn it filmke? Wa is it freontsje fan it berntsje yn it filmke en wat docht dy allegear?
- > Wat hat it berntsje yn it filmke fergetten oan 'e ein? Ferjitsto dat ek wolris?
- > Watfoar bisten komme allegear lâns yn it boek: 'It Grutte Poepkonkoers'?
- > Wa is de winner fan it poepkonkoers? Watfoar keunstwurk hat sy makke?
- > Watfoar poepkeunstwurk fûnsto it moaiste?





# Dwaan

Wêr giet it droeltsje hinne?

